

PARSEBERJOCHT – Programma-ynformaasje Fryslân DOK

8 maart 2016

In nij thús

Fryslân DOK op snein 20 maart

Noch nea wie de flechtlingeproblematyk sa grut as hjoed-de-dei. Mar ek yn de jierren njoggentich socht in grut tal flechtlingen in feilich bestean yn ús lân. Yn dy tiid waard der in asylsikerssintrum yn Sint Anne iepene. Troch de jierren hinne biedt it doarp ûnderdak oan in soad asylsikers.

Mar hoe giet it no mei âld-asylsikers dy't destiids in ferbliuwsfergunning krigen hawwe en al in tiid yn Sint Anne in nij thús opbouwe? Wêr rinne sy op dit stuit tsjinoan? Hawwe se harren plak yn de Fryske mienskip fûn en op hokker wize binne sy belutsen by de hjoeddeistige flechtlingestream?

Yn dizze Fryslân DOK komme de ferhalen fan trije âld-asylsikers út Sint Anne oan bod. Sa folge wy de 27-jierrige Syrryske Ozjan yn har eigen winkel. We moetsje de Somalyske Ahmed by syn frijwilligerswurk yn it âldereintehûs en we sjogge mei mei de út Afganistan ôfkomstige Farid, dy't flechtlingen begeliedt yn de lokale kringloopwinkel.

Fryslân DOK: In nij thús

Snein 20 maart fan 17.00 oere ôf alle oeren op Omrop Fryslân Telefyzje. Ek te sjen op sneon 19 maart om 15.25 oere en snein 20 maart om 12.55 oere op NPO 2.

Noat foar de redaksje:

Foar mear ynformaasje kinne jo kontakt opnimme mei de ôfdieling Marketing & Kommunikaasje fan Omrop Fryslân: tel. 058 299 7876.

PERSBERICHT – Programma-informatie Fryslân DOK

8 maart 2016

In nij thús

Fryslân DOK op zondag 20 maart

Nog nooit was de vluchtelingenproblematiek zo groot als vandaag de dag. Maar ook in de jaren negentig zocht een groot aantal vluchtelingen een veilig bestaan in ons land. In die tijd werd er een asielzoekerscentrum in Sint Annaparochie geopend. Door de jaren heen biedt het dorp onderdak aan een groot aantal asielzoekers.

Maar hoe gaat het nu met oud-asielzoekers die destijds een verblijfsvergunning hebben gekregen en al een tijd in Sint Annaparochie een nieuw thuis opbouwen? Waar lopen zij op dit moment tegenaan? Hebben ze hun plekje in de Friese gemeenschap gevonden en op welke manier zijn ze betrokken bij de huidige vluchtelingenstroom?

In deze Fryslân DOK komen de verhalen van drie oud-asielzoekers uit Sint Annaparochie aan bod. Zo volgen wij de 27-jarige Syrische Ozjan in haar eigen winkel. We ontmoeten de Somalische Ahmed tijdens zijn vrijwilligerswerk in het bejaardentehuis en we kijken mee met de uit Afghanistan afkomstige Farid, die vluchtelingen begeleidt in de lokale kringloopwinkel.

Fryslân DOK: In nij thús (Een nieuw thuis)

Zondag 20 maart vanaf 17.00 uur ieder uur op Omrop Fryslân Televisie. Ook te zien op zaterdag 19 maart om 15.25 uur en zondag 20 maart om 12.55 uur op NPO 2.

Noot voor de redactie:

Voor meer informatie kunt u contact opnemen met de afdeling Marketing & Communicatie van Omrop Fryslân: tel. 058 299 7876.